



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LX nûmer 2

juni 2011

ISSN 0166-6029

De stilte

út Jan Dotinga, Lytse ivichheid(omstavere)

*Blauwaarm hong de middei
oer it hiem;
ûnder it mes fan de stilte
waarden bousel en beam
yn oarder brocht.
Op it wite flak fan de kolk
Stiest as inkelde hichte,
as in reiddomp yn it leechlân
fan de snijer.
Om dy hinne
Krigen de dingen siken;
De skuorre lake út in grut grien each en
de bûthúsfinsters keatsten elkoarren
wurden ta.
It wetter droech de stilte
- wylst it beskieden op antwurd wachte -
as in ûnbegrepen fraach;
oan 'e kant hong it stalt, in ûnnut
dier op te hege poaten.
Wurge beammen rjochten har stal;
jonge tûken loeken har
oan it ljocht omheech.
Skerpe fûgels kurven de stilte, wilens
de gjalpen sêft op it hiem rûgelen.*

Samlers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG Waskemar; digitale kopij, abma.g@wanadoo.nl Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tsjeardsma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, abma.g@wanadoo.nl, Plantage Doklaan 13, 1018 CM Amsterdam. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. Lyts Frisia €10.00, inkeld LF €7.50. Giro 1069535 op namme fan Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H.Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

Diz' kear gjin omtinken foar wat soe ... slûge soe ek. Mar wa wit en wat sit yn it fet. Behalve de fêste rubriken, yn *snipers* inkele wurden oer *Tryater* dat seis dagen yn Amsterdam tahâlde en foar in publyk fan in foege hûndert minsken foar master opsloech foar allegear hollânsk praters. Mei in stik fan Tom Lanoye, in frysk pardon flaamsk skriuwer sa't wy dy net kenne. En oer harren dy foar de twatalige taalûntwikkeling fan pjutten noed stean wolle.

de einredaksje

It Ienentrichste

Hjir en dêr is sprake fan krimp, yn de noardeasthoeke, yn de gemeentebegrutting, yn de amtnerij, yn de wyn, yn de knip -sûnder bonus moat in bankbaas him yn alles bekrimpe en al libbet er yn 'e wielde, hy klaget de hûndert út.

Bertus Jans Postma

It tsjerkfolk belytset aloan. 'Kerken in Nederland lopen leeg' (LC 23 maart). Guon tsjerken wurde ôfbrutsen (Marrum), oare ferkocht, noch wer oare wurde yn stiftings ûnderbrocht (Marsum). Wat mear't men it der oer hat, wat mismoediger't men der fan wurde kin. Lykwols sil der ek útrêding komme no't de need sa grut is. In frou Dykstra-Algra en in v.d. Ark hawwe 30 gemeentemodellen beskreaun dêr't de tsjerke mei op 'e kluten holden wurde kinne soe. Hjirnei wurdt it 31-ste út 'e doeken dien.

De tsjerke stiet midden yn it doarp en is der foar alle folk. Sneintemoarns binne de winkels ticht, mar de tsjerkedoarren steane yn it wiidst iepen. En binnendoarren klinkt 'het woord van God in de taal van de vreemdeling', yn de taal fan de ientalige foargonger -oars wol fan de tsjerkerie beroppen - en fan harren dy't der net oer prakkeséarje om te yntegrearjen, yn te boargerjen en har oan te passen. (Yn Flaanderlan hawwe Walen fan dat slach al ris in omraken

leksum krige fan de minister-presidint fan hiel België.)

Healwei de santiger jierren kaam der in skuor yn 'e tsjerke: Hjerbeam, dêr't sûnttiid alle kearen 'it wurd fan Heit yn de taal fan mem' ferkundige wurdt. Yn de rin fan de jierren binne der noch fiif sokke Hjerbeammen by kommen, noch fiif sokke skuorren. Nuverdernoch waard de tsjerke der oars noch oars fan. Ynstee dat er de keppel byinoar hold, liet er dy útinoar falle. Sels hold er de taal fan it ferstân oan, Hjerbeam dy fan it hert.

Op 27 maart hawwe sydsulver en ik yn Hjerbeam(Fr) west, dêr't yn de hast folle tsjerke de wâldtaal fan de Wâlterswâldster preekhear jin sa hiem en eigen oankaam. Op 'e weromreis nei hûs ta skeat it ús troch de holle: Hjerbeam as it 31-ste gemeentemodel, it model fan 'folkstaal-tsjerketaal' (Biltsk, Stellingwarfsk, Frysk). Dêryn binne alle seis Hjerbeammen út it ûnthâld skrast en de seis skuorren yn it ferjitboek skreaun, is sadwaande de tsjerkekrimp yn -oanwaaks omset en sjonge wy, wer mei-inoar feriene, bliid en woltemoede fan 'ien grutte keppel is it wurden'.

Us eigen taal (6)

Utgongspunten foar in Fryske taalstandert (5)

Yn de lêste fjouwer nûmers fan *Lyts Frisia* (2010/2011) haw ik in stik *of* (ek: *as*; mar wat is de bêste standertfoarm?) sa'n tsien boustiennen levere foar in Fryske-taalstandert. De tendins ta 'normalisearring' fan it Frysk yn wurdboeken is al mear as in ieu oan de gong, mar foar it skriftlike ferkear hat dat spitigernôch jitte (noch) altiten net ta in goed omskreaune en konkretisearre standert laat.¹ Dat is foar guon maatskiplike domeinen lykas it ûnderwiis en it bestjoerlik en juridysk ferkear in behindering. Mar ek de media soene derfan opkneppe. By dat stribjen hawwe wy ien as Douwe Kalma, dy't dêr tige foar krewearre hat, oan ús kant.² Hy hat gjin dien wurk meitsje kinnen. Dat is oan ús en oan ús provinsjale politisy.³ Ik gean sadwaande fierder mei dat stribjen troch it formulearjen fan útgongspunten (en nûmerje wer troch).

Ferfolch reduksjemooglikheden: it minderearjen fan foarms

11. *Folsleine* of *folle* foarms soene ornaris de foarkar krije moatte boppe koartere foarms as dy allegearre binnen de noarm fan goed Frysk falle: wy gean(**e**)/stean(**e**); ik ha(**w**), wy ha(**wwe**), bedstee(**d**), dûbel(**d**), strún(**d**)er, woastenij(**e**), grip(**er**)ich, strieën(**e**) skonken, de gouden(**e**) brêge, flean(**d**)erich, keningin(**ne**), dûnseres(**se**), groetnis(**se**), abdis(**se**), diz(**en**)ich razernij(**e**), risping(**e**), opljeppen(**d**), mûts(**e**), iepen(**t**)lik, njoggent(**s**)jin(de), dêr'tsto, dy'tsto (nét: dysto), doe'tst; no'tst (nét: noost); wêr'tsto⁴, oftst (net: ofst), ensfh. De folle(re)/lange-re foarm soe as standertfoarm beskôge wurde moatte.

Lykas grif bekend is, kin de nammefoarm (ynfinityf) fan in grut tal tiidwurden yn it Frysk einigje op *-je*, bygelyks *avensearje* (FW-1,1984)/*avesearje* (FHWB, 2008), *hoopje*, *kuierje*, *meitsje*, *reizgje*, *wenje*. It Hollânsk hat gjin *-je*-tiidwurden. Dêrom steane de Fryske foarms sterk ûnder druk fan der dêrmei ferlykbere Hollânske foarms. 'Ik sakje' wurdt dan *'ik sak' en *'ik avensear' heart 'ik

¹Sjoch ek myn artikeltsjes dêroer yn *Lyts Frisia* 2010 (nrs. 1 o/m 4) en 2011 (nû. 1).

²Sj. ek *Lyts Frisia*, jrg. LX, nû. 1, maart 2011, s. 4-7.

³Ferl. ek de needgjalp fan Jan Schotanus (yn de *Ljouwerter Krante*, 08-04-2011, s. 6), dy't pleitet foar in 'Grien boekje foar it Frysk' om dêrmei mear dúdlikens te jaan op it mêd fan de stavering. De oersetwurdboeken (F/N-1, 1984 en N/F-2, 1985) sprekke inoar gauris tsjin en yn it nije hânwurdbok Frysk/Frysk (2008) kin it wer oars wêze. Der moat dus neffens Schotanus in wurdlist komme mei meartalsfoarms, ôfliedings, tiidwurden mei de bûgingsfoarms en nammen dy't ynboargere binne. Ik tink ek oan de ôfbrekplakken foar tref- of stekwurden (mei in punt oan te jaan): West-Eu.ro.pees.ke, ka.fee.ke, ensfh. In beskate politike partij hat Schotanus syn 'tegest' op rabat brocht by Deputearre Steaten (*Actief*, 20-04-2011). 'GrienLinks' foar in 'Grien boekje' sille wy mar sizze.

⁴Foarms as *doest*, *noost*, *dêrst* út it *Frysk Wurdboek* (1984, s. 181), hearre neffens my net yn in Fryske standert! Ik haw de ûndúdlikens oer de 'krekte' skriuwwize ein foarrige ieu op it aljemint brocht by taalkundigen fan de Fryske Akademy en by Rienk de Haan fan it *Taalburo* (dat buro bestiet no net mear). As gefolch dêrfan waard der omtinken oan jûn yn De Haan syn treflike skriuwwizer 'Mei freonlike groetnis' (Ljouwert, 1995, s. 129).

avensearje' te wêzen. Us *-je*-tiidwurdsfoarms moatte dus de foarkar krije en (as der gjin betsjuttingsferskil is) winliken as iennichste standertnoarm akseptearre wurde: *achtsje* (achte), *bûgje* (bûge), (jin) *bedroevje* (bedroeve), *damje* (damme), *dichtsje* (dichte), *eazgje* (eaze), *ervje* (erve), *ferplichtsje* (ferplichte), *glydzje* (glide), *groetsje* (groete), *hakje* (hakke), *kervje* (kerve), *kleurje* (kleure), *moetsje* (moete), *partsje* (parte), *pasje* (passe), *studearje* (studeare) (dus ek *kampearje* en *parkearje*), *waaksje* (waakse) ensfh.⁵

Yn 'e twadde en tredde persoan iental falt sawol yn 'e sprek- as skriuwtal de 'e' om reden fan ritmyk gauris út, dus 'do donderst/kuierst/einichst' en 'hy dondert/kuiert/einicht'. Earder waard dat yn guon grammatika's en learboeken wol autorisearre.⁶ It ferskynsel waard ek wol sjoen as in yntern-Fryske ûntjouwing. Wy rinne lykwols it gefaar dat de *-e*-foarms de *-je*-tiidwurden (hieltiten mear) út it stee wrotte. It is dus fan grut belang dat benammen yn ûnderwiislearmiddels en stikken fan de oerheid konsekwint fêsthouden wurdt oan foarms as: do *azemest*/ *bletterest*/ *bongelest*/ *einigest*/ *kuiertest*' en 'hy *azemet*/ *einiget*/ *kuieret*'. Mar ek yn de media en yn lêsböeken soene skriuwers der folle better oan fêsthâlde moatte.

Datselde jildt foar de *-earje*-farianten. Waling Dykstra seach blykber it gefaar al ier, want hy jout yn syn *Friesch Woordenboek* (1900-1911) op in inkelde útsûndering nei allinnich mar *-earje* (bgl. *adfertearje*, *faksearje*, *ynkassearje*, *krimmenearje*, *trappearje*).

Yn it *Frysk Wurdboek* (1984) wurde de staveringswizigings fan 01-01-1980 opnommen en stiet by 'Wurdeinen' (s. 20) 'De útgong *-eren* yn it Nederlânsk

⁵It Frysk hat in hiele protte tiidwurden dy't op *-je* útgeane, bygelyks *studearje*. Fan it type *-earje* binne der ytlke hûnderten. Faaks wol sa'n tûzen. Dy steane moai op in rychje yn it **Omkearwurdboek fan de Fryske taal** (Fryske Akademy, 1992, 470 siden). Alle oare *-je*-tiidwurden, fan *laabje* (Holl.: 'lasteren, kwaadspreken') oant en mei *sûzje* (Holl.: 'suisen'), steane dêr ek yn, mar wol fan efteren nei foaren op alfabet (in saneamde retrograde folchoarder fan einletters). Se steane út soarte tige ferspraat tusken alle mooglike oare wurden en wurdsoarten en binne sadwaande net maklik te finen. Yn oare wurdboeken ek net. Sjoch dêrom myn list mei hûnderten *-je*-tiidwurden op www.ffu-frl.eu/publikaasjes, dy't ik yn de njoggentiger jierren fan de foarrige ieu opnommen hawwe woe yn it ûnmisbere learboekje *Tiidwurden* (Ljouwert: Afûk, 1989, 2000), eventueel mei de Hollânske en Ingelske oersettings derby, mar de nije Afûk-direkteur, Koen Eekma, seach dêr, tige koartsichtich, it belang net fan yn. It ynternet jout lokkigerwize hjoed-de-dei in ûntsnappings- en ferspriedingswei, al is dat ek net ideaal.

Ik haw se (útsein de *-earje*-tiidwurden), foarsafier't se *geef* Frysk binne, foar jo byinoar swile (alve siden fan fjouwer kolommen). De Hollânske wjergaders fan de tiidwurden binne no allinnich te finen yn it **Frysk Wurdboek Frysk-Nederlânsk** (diel I; Fryske Akademy, 1984). Foar oersettings yn it Ingelsk kin it **Frysk-Ingelsk wurdboek/Frisian-English Dictionary** (Fryske Akademy/Afûk, 2000) rieplachte wurde.

Troch de ynfloed fan it Hollânsk op it Frysk driget it rike besit oan *-je*-tiidwurden te ferwurden ta *-e*-tiidwurden. Bygelyks: *nammefoarm*: *hoopje/sakje* → **hope/sakke*; notiid: *hy hopet/sakket* → *hy *hoopt/sakt*; *doetiid*: *hy hope/sakke* → *hy *hoopte/sakte*; *hy hat hope/(is) sakke* → *hy hat *hoopt/(is) sakt*. Dêrom is it fan belang dat in sa grut mooglik ferskaat oan *-je*-tiidwurden yn en bûten it ûnderwiis op in *goede* wize *fakenfolle* brûkt wurdt. Helpe jo mei? Klik mar ris op: www.fryskebeweging.nl/organisaasjes/ffu/publikaasjes/list of www.ffu-frl.eu/publikaasjes/list.

⁶Bygelyks troch G. van der Woude yn syn (earder tige) bekende learboekjes *Frjemd wurdt eigen I* (1975; 1981, s. 57) en *Frjemd wurdt eigen II* (1976, s. 30 en 31).

wurdt yn it Frysk *-earje*: redene*earje*, konfere*earje*'. Dat wurdt yn it wurdboek lykwols wer ûnderstek dien troch by de útgong *-eare* (s. 213) te ferwizen nei *-earje* en der dan wer oan ta te heakjen: 'Ook *-eare*; *-earde*, *haw -eard*'. Dêrmei wurdt de doar fannijs iepenset foar in stikje ûntfrysking en sil de *-je*-útgong op 'en doer (noch mear) belies jaan moatte. Yn *studeare*, 'do studearst, hy studeart' wurdt de brekking út 'do studearrest (sis mar: *studjerrest*) en 'hy studearret', in tige sintraal ferskynsel yn 'e Fryske fonology, ek nochris slim oantaast. Twaris slim mis dus!

Waling-om syn noarm wurdt lokkigerwize trochset yn de *Nije list fan frjemde wurden* (Ljouwert: Fryske Akademy, 2000) fan Beart Oosterhaven en ek yn it nije *Frysk Hânwurdboek* (Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk, 2008) tapast. Op Afûk-eksamens wurdt de foarm mei *-e-* (*azeme[s]t*, *einige[s]t*, *studearre[s]t*) as *iennichste* talitten. In goed en needsaaklike standerdisearringsbeslút. De *-je*-tiidwurden moatte hoede en noede wurde. It is in grutte rykdom.⁷

De groep fan sterke of ûnregelmjittige tiidwurden stiet yn it Frysk frij swak. In protte wurde (û.m. troch analogywurking en Hollânske ynfloed) swak of regelmjittich. Dan kin *bedjerre* yn doetiid en mulwurd ferwurde ta *bedjerde* (bedoarn) en *haw bedjerd* (haw bedoarn). En *frieze* ta *friesde* (frear) en *it hat friezen* (it hat ferzen). Ut reden fan taalbehâld fertsjinnet de sterke (ûnregelmjittige) of lûdwikseljende foarm almeast de foarkar en didaktysk sjoen moat dy dan as earste en faaks wol as iennichste (standertfoarm) oanleard wurde.⁸

De sterke of ûnregelmjittige tiidwurdsfoarm (mei *lûdwiksel*) kriget dus as regel sterk de foarkar boppe de *swakke* of *regelmjittige* (en *net-lûdwikseljende*) as beide tastien binne: *ik diek* (dekke), *dreau* (driuwde), *flocht* (flechste), *hold* (hâlde), *hong* (hinge), *gou* (jilde), *kniep* (knypte), *litte* (lijde), *liek* (like), *preau* (priuwde), *roek* (rûkte), ensfh. In oare mooglikheid is dat (in stikmannich) Fryske tiidwurden de (sterke) Hollânske foarm krije as dat nét winsklik is: *blike* - *bleek* (blik/blykte) - is *bleken* (blykt); *gripe* - *griep*/grypte - *haw grepen* (grypt). Myn útstel is dan ek om de sterke of ûnregelmjittige foarms lykas *bleek*, *bleken* en *grepen* bûten de Fryske standert te kearen (distânsjebeginsel). By suver alle reduksje-mooglikheden spilet dus it ôfstân hâlden ta it Hollânsk wer in grutte rol.⁹

⁷Yn it learboekje *Tiidwurden* (2000) fan Dick Eisma en Jan Popkema wurde foarkarsfoarms mei fet oanjûn en beskate njonkenfoarms steane yn de noaten. Afûk-lesjouwers móatte dy foarkarsfoarms, benammen om didaktyske reden, as earste oan har kursisten leare (s. 34). It leit dus foar de hân om dy fette foarms as standertfoarms te beskôgjen. De oanbelangjende alfabetyske list mei ûnregelmjittige tiidwurden (s. 35-69) - en dan benammen de fetprinte foarms dêryn - kin sadwaande bydrage ta it fierder standerdisearjen fan it Frysk. Fetprinte sterke, ûnregelmjittige mulwurdfoarms as *bleken*, *grepen* soe ik, fanwegen it distânsjebeginsel, regelmjittiger ferbûge wolle: is *blykt*, hat *grypt*.

⁸Sjoch ek *Tiidwurden* (2000).

⁹Sjoch ek *Tiidwurden* (2000).

Reduksje fan stavering of lûd

12. By staverings- of fonologyske farianten (dûbelfoarmen ensfh.), dy't gau- ris ek dialektyske farianten binne, wurdt as standertnoarm de foarm beskôge dy't yn it skriftlik taalgebrûk de lêste fearnsieu it meast gongber is. Yn de measte gefallen liket it ferwizingssysteem yn it *Frysk Wurdboek I* (1984) dy fari- ant te jaan: sa is bygelyks it foarheaksel *ûn(t)* de standertfoarm en net *on(t)*, dus *ûn*waar en *ûn*trinne binne de standertfoarms. It distânsjebegjinsel sil grif mei- spile hawwe.

Swierrichheden by it skriuwen learen fan it Frysk jouwe ek foarms *as*, *of*, *oft*, *as* en *at*. Sûnder *as* en *of* kinne wy net, mar dat leit oars as it om de skriuw- wize fan it bynwurd *at* giet. Dat wurd is betreklik jong en oeral dêr't *oft* stiet, soe neffens guon lju faaks likegoed *at* stean kinne. *At* kin beskôge wurde as in oare skriuw- wize foar de útspraak fan *oft* ('ik wit net hokfoar minsken *oft/at* der wiene'). Mar it kin noch yngewikkelder: *at* kin neffens guon *as* ek noch ferfange ('*as/at* it reint, gean ik net op 'e fyts'). Dy ferfanging mei lykwols wer net yn sintsjes *as*: in libben *as* in ezel; sa blau *as* laai; *as* ferstienne bleau er stean; ik haw mear *as* hy/him; dit is wat oars *as* dat; it is krekt *as* komt der immen oan. Dat jout dus betizing. Mei rjocht hawwe lesjouwers it mier oan safolle/tefolle ferskaat.

Noch foar it ynstellen fan in taalnoarmkommisje troch de Afûk yn 1985 (om te kommen foar in noarm foar skriuwers en oersetters fan Afûk-útjeften) hie it Deistich Bestjoer fan de Afûk al besletten om 'at' foar 'as' net langer ta te litten yn Afûk-útjeften. De Afûk woe ta op mear ienheid yn de taalnoarm.¹⁰ In fer- stannich beslút, dêr't nei it ferdwinen fan Rindert Straatsma as Afûk-direkteur lykwols net langer de hân oan holden waard. De lesjouwers, dy't wiis wiene mei de eliminaasje fan *at*, moasten harren út en troch dochs wer oppenearje as it mis gong, bygelyks by de 'fernijing' fan guon *kursus*boeken troch relative bûtensteanders. Om oer it hanthavenjen fan de taalnoarm yn de *lês*boeken dy't de Afûk útjout, mar te swijen. Lang net alle 'fernijing' is in 'ferbettering' by de Afûk.¹¹

13. By staveringsfariaasje mei in Fryske fariant en in ynterferinsje (dy't soms ek dialektysk wêze kin) is de Fryske(re) foarm de standertfoarm foarsafier't dy skriftlik de lêste 25 jier gongber is: *-earje* is de standertút- gong en net *-eare*: *avensearje*, *probearje*, *kampearje*, *parkearje*. Itselde soe jilde moatte foar it efter- heaksel *-eftich* (en net *-achtich*): *reuseftich*, *readeftich*, ensfh., ek al seit it *Frysk*

¹⁰Sjoch Rindert Straatsma syn artikel 'Nei in taalnoarm foar it Frysk' (yn: *Us Wurk*, jrg. 37, 1988, s. 100). Jan Popkema hat yn syn treflike en ûn- misbere *Grammatica Fries. De regels van het Fries* (Utrecht: het Spectrum B.V., 2006) it probleem mei *at* ek konstatearre en skriuwt: 'Om mogelijke verwarring in dit (leer)boek te vermijden, hebben we steeds *oft* en *as* gebruikt, ook als het net zo goed *at* had kunnen zijn'. *At* mar hielendal net brûke, liket my better. Wy kinne it misse as pinemûle.

¹¹Dat jildt net allinnich foar it neamde foarbyld, mar benammen ek foar it talitten fan alle mooglike hollânismen yn Afûk-*lês*boeken foar bern en folwoeksenen. Om oer oare útjouwers mar te swijen. De grize giet jin bytiden oer de grouwe en de eagen dogge jin sear.

Hânwurdboek F-F (FHWB, 2008): ‘ek -achtich’.

Op grûn fan it ferwizingssysteem en it distânsjebegjinsel soe de standertfariant *east* (en net *oast*), *efter* (en net *achter*) wêze moatte. Net altiten is der lykwols in noarmoanwizing yn WB-I (1984) te finen. It distânsjemotyf kin dan helpe om ta in standertfariant te kommen, bgl. *nea* (nét ‘noait’, al hat it FHWB, 2008, it opnommen) en *ea* (en nét ‘oait’, ek al hat datselde FHWB it opnommen), *earne* en *nearne* (en net dy aaklike hollânismen ‘erge[n]s’ en ‘nerge[n]s’, dy’t it FHWB dochs opnommen hat, mar mei rjocht wol mei in (H.) markearret). Waling Dykstra en Douwe Kalma soene neat fan sokke Hollânske ynslûpsels hawwe moatte.¹² Ik moat likemin wat fan sok taaltúch hawwe.

14. Foarsafier’t yn in konkreet gefal neat oer de winsklike standertfoarm te sizzen is op grûn fan it foargeande, soe de *meast Frysk identifisearjende* foarm de standertfoarm wêze moatte. By it *brekken* en *rekken* fan lûden is dat grif it gefal. Sadwaande binne *brekkingsfoarms* almeast de standertfoarms: *iennichste* (net: ienichste), *bruorren* (net: broers), *kuolkast* (net: koelkast), *studearret* (net: studeart), *foarrige* (net: foarige). Dat soe ek jilde moatte foar de (*brut-sen*) útspraak, ek al is dy op skrift net te sjen: [injɛstən] (ynearsten), [m̥u̯aistə] (moaiste), [br̥j ɪ f̥kə] (briefke), [gr̥j ɪ ntə] (griente).

It lange lûdsysteem fan it Frysk is ‘riker’ as it dêrmei te ferlykjen systeem fan it Hollânsk. Yn it Frysk stiet njonken elts koart lûd in langenen. It ferienfâldigjen fan it lange fokaalsysteem betsjut dan almeast in lykstriken nefens it Hollânsk. Dat wy moatte de lange, rutsen lûden yn eare hâlde, likegoed mûnling as op skrift. In moaie opdracht foar de meiwurkers fan ús omroppen, ‘de’ Omrop foarop, en fan ús kranten en tydskriften. Soks soe bygelyks likegoed jilde moatte foar typyske Fryske *rutsen* lûden yn wurden as: rôt (rot), rôk (rok), pôt (pot), stôk (stok), mês (mes), glêd (gled). Dy rutsen lûden hawwe fansels de pree. Noch better: ban de koarte lûden yn sokke wurden út de (mûnlinge en skriftlike) standert!

Frysk en ûn-Frysk

Oant safier mar wer myn pleit foar in bettere Fryske standerttaal. Ik bin op dat stik noch net alhiel ‘útspoelt’, mar sil yn de kommende stikjes dochs wat mear de klam lizze op *min/gjin* ‘Frysk’, op *ûnfrysk* (net passend by it Frysk [folks]karakter en de Fryske kultuer) en *ûn-Frysk* (net passend yn it Fryske taalsysteem).¹³ De Fryske kranten steane der ‘fol’ mei (al stiet der fansels noch

¹²Waling Dijkstra, *Friesch Woordenboek* (1900-1911) seit oer ‘oait’ en ‘noait’: ‘holl.isme voor *ea* en *nea*; ‘ergens’ en ‘nergens’ neamt er net iens! Wêrom hat it FHWB (2008) Dykstra syn opmerking(s) net oernommen en de oanbelangjende wurden net markearre mei in (H.)? Dykstra soe fandatoangeande yn Douwe Kalma in bûnsmaat fûn hawwe.

¹³Waling Dykstra wie grif ien fan de earsten dy’t it begryp ‘Onfrysk’ brûkte. Faaks wol de alderearste. Bgl. yn syn ‘Onfrysk’, yn: *Sljucht en Rjucht*, 1890 (s. 140-141): “It is faek op to merken, dat in skriuwer it sels net fielt as er him *onfrysk* útert, troch dat er to folle oan ‘t Hollânsk forwend is om it fiele to kinnen. Ek lykje dy ljue wol to mienen dat se eltse hollânsk wird of sprekmenear sa letterlyk

in bedroefd bytsje Frysk yn dy kranten). Ik slút dêrom dit stikje yn ús tydskrift foar Fryske striid en literatuer ôf mei inkelde priuwkes fan it meast sprekken taal- en staveringsûnrant út twa kollums fan in noch jonge, op in Frysk (literêr) ûnderwerp promovearre frisiste.¹⁴ Net de minste dus. Ik hantearje dêrby ek de kritearia foar in Fryske-taalstandert dy't ik oant no ta yn ûnderskate nûmers fan *Lyts Frisia* werjûn haw.

Kollum 'Paradoks' (LC, 15-04-2011, s. 9):

- 'Dochs leit achter it fiadukt dêr't de bus stoppet gjin achterbuurt' - Dochts leit *efter* it fiadukt dêr't de bus *stilhâldt*, gjin *efterbuert*' Taljochting: 'stopje' betsjut wat oars yn it Frysk en in skrapke ('komma') nei de bysin liket my tige winsklik.

- 'Graffiti, drugsspuiten [...]' - *graffity*

Talj.: Dochts mar efkes de staveringsregel opsykje of de *Nije list fan frjemde wurden* (2000) rieplachtsje.

- 'Grykse studinten'- *Grykske studinten* Talj.: staveringsflater.

- 'Dat sy fansels gjin tiid hawwe'- Dat sy *it fansels net oan tiid* hawwe

- 'At jim dit lêze, lústert C. nei alle wierskynlikheid nei ien fan de lange tankopsommings dêr't ûndersikers yn Grikelân har lêzingen mei begjinne' - As jim[me] dit lêze, *harket* C. nei alle wierskynlikheid [foar 't neist?] nei ien fan de lange tankopsommings[,] dêr't ûndersikers yn Grikelân har *lêzings* mei begjinne Talj.: It hie oars ek noch 'lústeret' wêze moatten. En as *alle* ûndersikers yn Grikelân har sûnder beheining altiten bekweadjige oan tankopsommings, dan hie der winliken in skrapke nei tankopsommings stean moatten. As der 'opsommings' stiet, en dat is mear as treflik, dan freget de konsistinsje om 'lêzings'.

- '[...] de man of frou mei de kaai fan it hek [fan de kampus] [...] oer Sparta regearden'

- [...] de kaai fan it *stek* [fan de kampus] [...] oer Sparta *regearren* Talj.: 'Hekken' fynt men ornaris yn tsjerken en oan mûnen en as 'stekje' past it net by in kampus. De (bûgings)foarms fan 'regeare' binne gâns better Frysk as dy fan 'regeare', it FHWB ferwiist ek net nei 'regeare'.

- 'De ephoria [...] waakt oer alle ûndersyksgegevens' -De efoaria [...] *wekket* oer [past op] alle ûndersyksmateriaal/ ûndersyksdata Talj.: 'Wake' en 'gegevens' binne rare hollânismen (H.).

as't kin yn 't Frysk werom jaen moatte. Dêrtroch kin hjar skriuwtrant sa stiif en houterich wêze." Ferl. ek: *Sljucht en Rjucht*, 1903, s. 189-191, 'Wer ris hwet oer Frysk en Onfrysk'.

¹⁴It binne twa kollums fan Joke Corporaal yn de *Ljouwerter Krante* ('freed') fan 15 april ('Paradoks') en 29 april ('Balkon') 2011. In universitêre eftergrûn yn de frisistyk jout noch (lang) gjin garânsje foar goed en geef Frysk taalgebrûk. Dat hat Teake Hoekema earder yn dit blêd ek al ris konstataarre. Moat Joke earst noch in hoartsje by Pieter de Groot yn 'e lear? Dy is ornaris wol los fertroud. En as der noch 'korrektors' foar it Frysk by de krante binne, dan kinne dy better ûntslach krije.

Kollum 'Balkon' (LC, 29-04-2011, s. 7):

- 'Even oerwage ik ús guos omheech te hâlden, it ienige ornamint op ús balkon [...]' - *Efkes tocht ik der oer om/liet ik yn my omgean om ús goes omheech te hâlden, it iennige/iennichste ornamint op ús balkon [...]* Talj.: It tiidwurd 'oerwage' betsjut wat oars as wat hjir bedoeld wurdt en 'oerwege' is in hollânisme mei as doetiid 'oerwoech'. It is: ien *goes*, twa *guozzen*. Wat better om de brekking tinke, ek as it net moat, en de foarkar jaan oan *brutsen* foarms lykas *iennichste*.

- 'Doe [...] hat er [= de goes] in pear wiken yn de wenkeamer stien' - Doe hat er in pear *wike* [...] Talj.: Omdat it grif om in *oanslutend* tiidrek giet, moat de meartals-*n* fan wiken yn it Frysk weilitten wurde: in pear *wike*.

- '[...] mar it wiene der tefolle' - [...] mar it wiene tefolle Talj.: It wurdsje 'der' is in letterlike oersetting fan it Hollânske 'er' en stiet hjir foar in (beskaat of ûnbeskaat) telwurd ('Maar het waren er vier/ te veel', 'Ik heb er [= 'ervan'] vijf/ verscheidene'). It is in raar ynslûpsel út it Hollânsk (in *syntaktyske ynterferinsje* soe men ek sizze kinne). 'Der' past foar telwurden net yn de bou fan in Fryske sin en móat weilitten wurde.

- Ik makke de bûtenkant soarfâldich skjûn - Ik makke de bûtenkant *mei soarch* skjûn Talj.: Grif wie 'soarfâldich' bedoeld (stiet ek yn it FHWB), mar it rûkt tefolle nei it Hollânsk; 'mei soarch' achtsje ik net 'ûnfrysk' (sj. ek noat 13).

- 'Ik moppere, C. kipere swijend ûnkrûd [...]' - Ik *foetere/ prottele* [...] Talj.: In hollânisme as 'mopperje' kin hiel maklik mijd wurde. Efkes yn it wurdboek bij 'mopperen' sjen.

- '[...] en se [= de potten] op har nije plak te setten [...]' - [...] op har *nij* plak te setten [...] Talj.: By in *it-wurd* (in ûnsidich haadwurd: *it* plak) mei in eigenskipswurd (Holl.: 'bijvoeglijk naamwoord') derfoar lykas *nij* (in *nij* plak) mei neffens de Fryske taalregel(s) dat eigenskipswurd allinnich ferbûgd wurde as der *it/dit/dat* (it/dat *nije* plak) foar stiet. Dus as der in *besitlik* foarnamwurd (bgl. 'har/syn/ús') foar stiet, dan mei dat it-wurd nét ferbûgd wurde; ferl.: syn *read* jaske, har *tsjok* ankel, myn *griis* burd. It eigenskipswurd mei ek net ferbûgd wurde as der *in* foar stiet: 'in *moai* hûs' en nét 'in *moaie* hûs'. Mar ien dy't it Hollânsk ken en net allochtoan is, sil him/har mei 'een mooi huis' grif net sa gau fersinne. En yn it Frysk sadwaande likemin. Mei in *besitlik* foarnamwurd derfóar is it lykwols altiten oppassen.

- '[...] wannear't de folgjende dei is wêrop at jo [...]' - [...] wêrop't/ wêrom *oft* jo [...]. Talj.: Sjoch boppe foar it mien fan dat folslein oerstallige en betiizjende *at*.

Sa, dat wie dus net sa'n *moai, priizgjend* beslút. It lêzen fan sokke kollums soe wat de taal- en staveringskwaliteit oanbelanget net in tamtaasje wêze moatte, mar in geniet. Wat net is, kin lykwols komme, ek by jit jonge frisisten. Trochsette mei skriuwen en it geregeld trochnimmen en oereidzjen fan de regels fan it Frysk soe grif fertuten dwaan. Wy jouwe de hope net op ...

Sytze T. Hiemstra

KAFEE 'ROM SICHT' (17)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

Boate kastelein hat dizze jûn alle ruten iepensetten, want al is noch mar april, wat it waar oangiet hat it mear fan july. Alle dagen komt de sinne ier en betiid op en giet earst jûns let wer ûnder.

'Alle dagen heawaar,' seit Geart, as de mannen teplak skood binne.

'Heawaar, wêr slacht dât no wer op,' reagearret Minne skodholjend, 'mán, hea is ferline tiid, de bern witte net iens mear wat it is.' Omdat Boate der bylâns komt, bestelt er oanslutend in glês bier fanwege de waarmte en slacht er syn gewoane miksdrankje dizze kear mar oer.

'Ja tiden hawwe tiden,' pakt Geart it sjapiter wer op, 'as it sok waar bliuwt oan septimber ta, dan hienen de boeren destiids wol in pear kear efterelkoar oan hea winne kinnen.'

'Dat kin net,' seit Watse beslist.'

'Werom net,' freget Geart ferheard.

'Dan hienen de skuorren twa kear sa grut wêze moatten, oars koenen se safolle hea noait bergje,' leit Watse út.

No docht Geart der it swijen ta, blykber omdat er oars Watse gelyk jaan moat en at der ién ding is dêr't Geart de pest oan hat dan is it wol in oar gelyk jaan.

'It is no al wiken sok waar en it is sá droech dat it stood der oer, jo kinne wol op sokken yn 'e tún oan 't wurk,' seit Fetse, 'in tún dy't namers wol slim ferlet fan wetter hat.

As er syn gleske bearenburch leech hat ferfettet er: 'Wat hawwe wy as bern wol net ôfwrotten yn datselde hea, oeren en oeren oan de riuwestôk en mar swylje, jûns hienen wy faak it fel fan 'e fingers. Lykwols de oare deis der wer plat foar. As er hea lizzen hie wie ús heit

net te brûken, in sin as in baarch en hastich as de brân, krekt sa lang as it hea feilich yn 'e skuorre siet, earst dan koe er him deljaan.'

'Ja,' seit Watse, 'en dochs hie it wol wat. It wie bytiden suver gesellich yn it lân, mei safolle minsken dy't meiholpen. It tiemjen stiet my noch by, it hynder foar de bynstôk en dan it hea mar yn bulten skuorre, dat gie bytiden need.'

'Dat wienen gjin bulten,' korrizjearret Geart, 'dat wienen reakken.'

'Ja reakken,' fâlt Fetse yn. Hy moat der eefkes gau tusken, oars hawwe jo kâns dat dy twa wer begjinne te harsenskraabjen en dêr hat er gjin nocht oan mei dizze waarmte. 'Dêr sieten wy altyd tsjin-oan te kofjedrinken,' follet er oan. 'En dan it weidloegjen, in keunst op himsels, as de wein fol wie mochten wy as bern boppe op it hea lizze en dat rûkte dan sa lekker krûdich. Sa widzen wy dan boppe op in kreakjende haaiwein op nei hûs ta.'

'Ik hear it wol wer,' seit Minne, 'de âlde sokken meitsje elkoar wer wiis dat foarhinne alles better wie, no ferjit it mar.' 'Om 'e duvel net,' spat Geart op, ik sil net ûntstride dat der doe dingen wienen dy't no better regele binne, wat wier is moat wier bliuwe. Mar oan 'e oare kant, der wie doe mear, hoe sil ik it sizze, ienriedigens, de minsken stienen meielkoar en holpen elkoar.'

Fetse set it lege gleske op 'e tafel en jout Boate de wink.

'Dat seist no wol Geart, en do hast foar in part ek wol gelyk, mar oan dy ienriedigens sieten ek noch wol wat oare kanten. It folk wie

slim ferdielid yn allerhanne godtsjinstige en politike klupkes, dêr hawwe tiden west dan koenen jo op mear as fyftich partijen stimme, soks raast dochs oan de protters, of net? En al is it hjoeddeis lokkich net sa healwiis mear as doe, de ferdielidens is der noch. Noch altyd kin de iene groep tsjin de oare útspile wurde. Salang't wy as Friezen net as ien man efter ús lân en folk steane, salang't noch frjenden oer ús ekers wâdzje en hjir de tsjinst útmeitsje, sil it mei ús neat wurde.'

De manlju binne der stil fan, dit moatte se earst eefkes yn har omgean litte. Minne is de earste dy't it wurd nimt.

'Moai sein Fetse, mar do bist hjoed wol ferrekte pessimistysk.'

'Net allinnich hjoed,' seit Watse, 'dat hat er al in hiel skoft oer him. Mar hy hat fansels wol gelyk, sûnt ús kening Redbad de eagen foar-goed sletten hat is der nea wer ienriedichheid yn Fryslân west.'

'En dat is al hiel lang lyn,' fynt Geart, 'hawar, wy hawwe sûnt koart nije deputearren, ik bin benijd wat dy der fan bakke.'

'Net te folle fan ferwachtsje,' riedt Fetse oan, 'âlde wyn yn nije sekken. De partijen dy't de ferkiezings ferlern hawwe hâlde it foar 't sizzen. Soks neame se demokrasy.'

'Ja, mar de FNP sit no ek mei oan, dêr ferwachtsje ik al wat fan, ik ha op 't lêst net foar de poerlegrap op dy jongkeardel stimt,' seit Boate dy't krekt oanrinnen komt. 'Mar net om 't iene of it oare, it is wol de heechste tiid hearen.'

Snipers (8)

It lêste en bêste nijs komt út Den Haach dat ús sa faak al bliid makke mei wetten en subsydzjes. Diz' kear net fan de polityk mar fan it paleis. No't kollega Elisabeth II by har besyk oan Ierlân it folk fan skrik fan de stoel falle liet en har taspraak begûn yn, ja skrik net, it Gaelic, sille keninginne Beatrix en de prins net achterbliuwe. Yn lytse rûnte waard fernijd dat sy wis fan doel binne en begjin by it earste offisjele besyk oan Fryslân yn it Frysk. En ek echt. Net samar der wat hinne stammerje mar folwoechsen wurden en dy folwoechsen fan strekking en ynhâld. Dat giet oan, dat wik ik jim. Tink om myn wurden! Honny soit qui mal y pense, wee him/har dy't der ferkeard fan tinkt.

Fan eigen hiem it berjocht fan de foarlêsansje yn de *Fryske Foarlêswike* fan 6 o/m 10 juny. Mar leafst mear as 500 foarlêzers sille fan 6 o/m 10 juny mei 18.500 Tomkeboekjes oan 'e gong en oan sa'n 12.000 pjutten foarlêze. Dêr giet helwat foarming en opbou fan út, men kin de betsjutting fan sok wurk net heech genôch oanslaan. Soks helpt ek tsjin mismoedigens en minne sinnen oer de posysje fan it Frysk; ek tsjin dwaze ideologyën as soe de Fryske skriuwerij it sûnder 'bewegings'- en striidaktiviteiten stelle kinne. Jin derbûten hâlde en de saak mar sloere litte, kin it net mei ta.

Ek makke yndruk *Lyts Ambyld*, blêd fan it Frysk Bûn om utens. It rike Fryske libben, ûnferhoeds en ûnferhoalen. Hie ik altyd tocht en heard dat de kriteren allegear nei in tragyske en stege striid opdoekt wiene, mar sju-dêr. It tilt op fan de kriteren, fan Boadegraven oan Swol, fan Súd-East Drinte oan Seist, de iene al âlder as de oare en ek (suver gloed-) nije. Mei-elkoar tweintich by it Bûn oansletten mei 3592 leden; 2 april 2011 hold It Bûn de 87ste jierfergadering, yn Apeldoarn. De âldste krite te Haarlim út 1897 (waard J.J. Hof dêr doe net drild troch J.Colijn?), de nijste yn Súdeast-Drinte, oprjochte 1994. It is net rûnom leed en lijen. Amsterdam mist syn twa kriteren, Flaardingen ek; Hilversum, Ynskedee en Utert boekten lykwols sels ledewinst. Den Helder is net oansletten by It Bûn mar betellet al wat mei yn it grutte gehiel fan aktiviteiten dêr't de toanieljûn it wichtichste, net it iennichste part fan foarmet. Nei Haarlim (no 150 leden) folgen Swol en Den Haach, beide yn 1899.

De simmer komt oan, mei men hoopje. Dêrom noch wat oar (taal)nijs, om op te frissen. De rie fan de Fryske Beweging fernijde d.d.20 dec. oer in Frânse wet foar it Bretons: stipe foar it Bretons, fanwege de slimme achterútgong fan it Bretons. Sjineeske autoriteiten ferbiede it de skriuwende media tenein wurden yn Ingelske of oare frjemde talen te brûken. (ik hear Jorritsma al); a'n 140.000 Russyske amters moatte in frjemde taal leare. Wat foar ús amtners, net meie mar moatte? O.-Finland leit ticht by Ruslân mar se meie dêr net Russysk as twadde taal dosearje. Hip-perhapke is it moaiste nije fryske wurd fan 2010, neffens FD; betsjut: insectensnack. De âld-Lemster Bert Wagendorp lit ús witte dat neffens it CBS fan de 25 gemeenten mei de measte frijwilligers tsien yn Fryslân lizze; oer it hele lân wie yn 2010 it heechste, wat in ferrassing (of hiene

wy it altyd al tocht?), de eardere gemeente Wymbritseradiel ('dat ligt bij IJlst'): op elke tsien ynweners binne fjouwer warber as frijwilliger. As fergelyking, it leechste wie Kerkrade mei ien frijwilliger op tsien ynweners. In moai begjin fan dizze snipers, in net minder moai ein.

G. Abma

Bleker-revolúsje

'Ondernemen, wonen, werken', dat wie de kop fan in advertinsje fan de CDA-ôfdielings yn het Bildt en Menaldumeradeel (Bildtse Post, 16 febrewaris). De taal wie dy fan de Menamer kristendemokraten, dy't noch yn de prehistoaryske tiden fan 'ien folk, ien steat, ien taal' liken te libjen en sadwaande fan gjin demokratysk gemeente-nammebeslút 'Menaldumeradeel-Menameradiel' wisten. Biltsk en Frysk soene de minsken oankomme as Gryksk ieuwen lyn de Romeinen: net te lêzen. Dat de provinsjale Fluchhifking fan 2007 wol oars wiisde, koe neat skele. En dat Frysk-Nasjonaal mei syn seis lytse ferkiezingsadvertinsjes op deselde side yn de Bildtse Post de lêzers oars wol foar fol oanseach, koe likemin wat skele. 'Discussieert u mee?' wie de frage yn de CDA-advertinsje. Dat de frou sei fuort fan: 'Net stinne, derhinne! Fan alle kearen dat wy it CDA troffen hawwe binne wy wer wizer thúskommen.'

Bertus Jans Postma

In sealfol minsken de jûns fan de 21-ste febrewaris yn Ons Huus. Wy soene foar it earst in echte steatssiktaris sjen, al wie it dan ek in Grinzerlanner. Wy hiene in man foar eagen, kreas yn 't pak mei in lefdoekje as de kommissaris en in strik om. Mar it waard wat in ôfdijer. Der kaam in man foar it buordsje yn in suterich jaske, spikerbroek oan en mei skuon dy't yn dagen net boarstele wiene. Sprekke koed er lykwols omraak. Hy begin mei de frage, oft er yn syn eigen taal prate koe. Om 'e seal koe dat wol oangean. (Yn dizze krante fan de 23-ste wie it fan 'Staatssecretaris Bleeker kreeg de zaal plat') Wy hawwe sa'n trije kertier mei sân

pear earen nei him harke en suver neat mist, al wie it wol in hiele toer. Yn it skoft koe elkenien har/syn fragen op skrift stelle. Mar dat stiene wy net rjocht: fragen dy't de trije sprekkers net oanstiene, soene derút skifte wurde kinne en oare, fan de reedners sels betocht, soene der oan taheakke wurde kinne. Sûnt de heechlearde Kuitert wit elk, dat polityk no ienris net alles is. Sadwaande binne wy yn it skoft opstapt, nei amper wat heard te hawwen oer 'ondernemen, wonen en werken'.

De rju learde Bleker hie syn eigen Grinzerlânsk -ien fan de leechsaksyske farianten- meinommen nei de CDA-gearkomste ta, en de seal hie dat tige west.

En in betûfte CDA-sprekker fan in oare leechsaksyske streektaal - Stellingwarfsk, Drintsk, Twintsk, Sallânsk, ... - soe hjir likegoed as Bleker wol mei syn eigen sprake oankomme kinne en ferstien wurde. Hy hie in sealfol kristendemokraten samar plat.

Ornaris sit it CDA-folk sneintemoarns yn tsjerke. It soe de kristendemokraten fan It Bilt en Menameradiel tige wêze, dat út en troch in dûmny út Twinte of de Gelderske Efterhoeke mei syn eigen streektaal by har yn it hout stie. Wa't dûmny de wurden it 'e mûle sjocht, kin de preek wol neikomme, ek al om't ornaris in foargonger in bettere foardrachtstechnyk hat as in CDA-politikus en it tsjûke Boek it folk fertrouder is as in CDA-ferkiezingsprogram.

Mar der komt fansels in ein oan 'e ferdraachsumens fan de tsjerkerieden fan It Bilt en Menameradiel. In rie lit it net sa fier komme, dat in preekhear mei

syn eigen Biltsk of Frysk delsetten komt en wy misse in Wumkes yn dûmnylân.¹⁵ In tsjerkerie hâldt de leie strak, in tsjerkerie skriuwt syn folk de taalwet foar. En it CDA-folk, de 21- ste fan febrewaris yn St. Anne sa skriklik bedoarn, lit him sûnder ferwar wer helterje.

Hokkerlêstensneintemoarns liet de Bitgummoolster foargonger is riede, wat de wyks tefoaren ús foar naamste wurd west hie. Nimmen besocht it te rieden, dat hy neamde it sels mar, it wie 'ja'. Dat wurd bringt minsken ta ienriedigens en mei-inoar-stean, it bringt minsken ta-inoar. Fan 't hjerst sil de KFS-krite Karel Roarda mei de tsjerkerie prate en dy freegje, oft it net wat mear wurde kin, wat mear eigentalige tsjinsten as de tsien dy't wy tsjintwurdich yn it jier krije. Dûmny syn 'ja' sil de rie foarholden en oanrikkemandearre wurde.

De earste helte fan it boppesteande hat earder yn de Bildtse Post fan 1 maart stien.

Oan de Haadredakteur fan de Ljouwerter krante

Bitgummole 4 juny 2011

Achte Snijder,

Tanke wol foar jo brief fan 14 april, andert op mynt fan 28 maart. Jo skriuwen wie op himsels wiidweidigernôch, mar likegoed net befredigjend.

By it ôfskie fan de kranteman de Groot op tiisdei 26 jannewaris fan ferline jier frege Teake Oppewal mei klam om ús eigen lânsnamme Fryslân. In nije

¹⁵G.A.Wumkes op 31 jannewaris 1915 yn de Tsjommer tsjerke: 'Foar de tsjinst achte ik my forplichte, op gron fan artikel 23 fan it reglemint op de tsjerkerieden, it kolleezje net te fréegjen, mar óán te sizzen dat it in Fryske tsjinst wêze soe. Hja opperen inkele beswieren, mar de klok bigoun te lieden en der wie gjin tiid mear om to praten.' (Ut Wumkes syn 'Nei sawntich jier' side 200)

haadredakteur, in nij lûd, sil er wol tocht hawwe. Hy frege om suver neat, allinnich mar om 'e namme dy't fan de folksfertsjintwurdigers yn de steategearkomste fan desimber 1995 foar alle minsken yn ús lan fêststeld wurden wie.

Yn jo 'Een betrokken krant' fan 25 septimber 2010 like it derop: '(...) Fryslân, een inmiddels ingeburgerde naam.' En dêrneffens wie it yn de lêste kolom fan jo stik fan 'Tegelijk willen we heel Fryslân bedienen (...)' en fan 'Een (editie, BJP) voor de zuidelijke helft van Fryslân' en fan 'Omdat Fryslân ons allemaal verbindt.' Klearder en dúdliker koe it net. 'Friesland' wie ôfskaft en 'Fryslan' hie it ryk allinnich. Dêr die jo krante Friezinnen en Friezen rjocht mei.

Yn it skriuwen fan 14 april kamen jo lykwols werom op jo tasizzing fan 25 septimber: 'As it giet om de geografyske oantsjutting, dan brûke wy 'Friesland' (...).' Mar dat wie de âlde Mulder-doktrine. Fan jo perestrojka fan 25 septimber bliuwt neat mear oer:

1. It is de iene kears fan Fryslân, de oare fan Friesland. Soks is betiizjend foar de lêzers en dat wurdt noch helte slimmer, om't jo folk der sels yn ferslacht. As bewiis stjoer ik jo hjirby 18 krantestikjes ta mei 26 sûnden tsjin de Mulder-doktrine. AtzeJan deVries rint der fier út mei syn fiifris Friesland dêr't fiif kear Fryslân stean moatten hie (LC, 22 april).
2. '(...) Friesland, om't wy ienris ek in Nederlânsktalige krante binne.' Ik haw de Nederlânsktalige Wegener wykkrante Fryslân fan 17 maaie der op neisjoen: 23 kear Fryslân as in ierdrykskundige oantsjutting. Dêr is, tinkt my, jo argumint mei wjerlein.
3. De Ljouwerter is in Nederlânsktalige krante 'dy't foar alle lannen, plakken en gebieten Nedelânske wurden brûkt.' Ik wit net, ik wit net. Jo folk skriuwt almeast fan Dantumadiel, y.s.f. it eardere, Nederlânske Dantumadeel, en Ferwerderadiel, y.s.f. it eardere, Nederlânske Ferwerderadeel, ensamear. Op guon gebieten, dy't gemeenten binne, past jo LC no krekt nèt syn eigen spulregel ta. Der wurdt mear tsjin de regel - yn in Nederlânske krante Nederlânske wurden foar alle gebieten - sûndige: Yn Van Dale steane de wurden watergebied en eilandgebied. Dêrneffens binne mar en eilân gebieten. Dochs skriuwt jo redaksje langer wat mear fan Snitser Mar, y.s.f. Sneekermeer, de net mear besteande Nederlânske namme. En dochs is it yn de Sixmastrjitte fan Kalimantan en Sulawesi, y.s.f. Borneo en Celebes, de net mear besteande Nederlânske nammen.

'De Ljouwerter Krante brûkt de offisjele (...) plaknammen.' Jo krije by myn skriuwen it stik 'Stedeling in de landerijen' fan Hilbrand Polman (7 maaie. De man skreau ien kear Birdaard, twa kear Oenkerk en fiif kear Giekerk. De lêste beide nammen bestiene al langer as 22 jier net mear, Polman is net immen 'dy't besiket om de kranteregels sa konsistint mooglik ta te passen.' Rjochtoarsom, hy ferset him op syn manear tsjin Burdaard, Oentsjerk en Gytsjerk. Fan sa'n taal-

halding sei jo krante, 'hoe absurd en kinderachtig het verzet tegen Friese plaatsnamen is.' (út it besprek fan P.M. van Nieuwenhuijsen syn 'Het verschijnsel taal' (LC, 6 jannewaris 1996).

En de likernôch tûzen wetternammen, dêr't jo it mei gjin wurd oer hiene? Yndertiden hie it jo bedoeling west, om yn St.Anne mei lêzers oer de krante te praten. Der hie ik jo mei kranteknipsels bewiis leverje wollen fan de wetternammegriemery. De lêste tiden oangeande is jo folk syn libben oan it betterjen, wol ik leauwe. Peter Karstkarel, earder al in pear kear op it harspit lein fanwegens guon ferâlde nammen, hie it lêstendeis in kear of fiif oer de Tsjonger, dy't foar de Wende fan Tjonger neamd waard. Goaiïngarypster Puollen liket oars in te slimme namme te bliuwen.

It oanhâlden fan de offisjele nammen, ek dy fan it ierdrykskundige Fryslan, soe jo redaksje hollebrekken en flaterjen besparje en de lêzers argewaasje en betizing. Wy binne al langer as 14 jier oan it hottefyljen oer de 'inmiddels ingeburgerde naam.'

Ik kin der net rjocht by: Nederlânske wurden foar alle lannen (mar net foar Sri Lanka en Myanmar, ensamear), foar alle plakken (mar net foar Bitgummole en Koarnjum, ensamear) en foar alle gebieten (mar net foar Menameradiel en Hegemer Mar, ensamear). Ik kin der net rjocht by: wòl de ferâlde, Nederlânske nammen Opper Volta foar it lân Burkina Faso, Batavia foar it plak Jakarta en Borneo foar it gebiet Kalimantan ôfskaft, mar nèt de ferâlde, Nederlânske namme Friesland foar ús eigen Fryslân!

My tinkt, it wurdt wolris tiid om de Mulder-doktrine en de net-konsis-tinte regels ôf te skaffen. Dy binne net wetterticht en se misse alle logika.

Oars, mei Bitgummoolster achtinge,

Wy freegje jimme om jimme om jim lê- of lidmaatskipsjild oer 2011 sa gou mooglik te beteljen, want it is ûnwis oft wy noch wol in folgjend nûmer betelje kinne! It lidmaatskipsjild is no € 10 en it lêsjild € 7,50.

Wy kinne fansels ek net trochgean sûnder jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it

mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it septimbernûmer moat dat ynstjoerd wurde foar 1 augustus nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Plantage Doklaan 13 1018 CM Amsterdam, E-meel: abma.g@wanadoo.nl. Foar mear ynformaasje: Jan Jongsma, tel. 0511-463869.